



Romte en ferskaat 2013



Bestjoerlike fisy gemeente Opsterlân



Ynhâld

- | | |
|---|----|
| 1. Ynlieding | 2 |
| 2. ûntwikkelingen en prognoazes | 3 |
| 3. De krêft fan de leefomjouwing | 6 |
| 4. De krêft fan de mienskip | 9 |
| 5. In nije rol en wurkwize foar de gemeente | 11 |

Nije riedsseal

1. Ynlieding

De gemeenteried hat yn 2008 in bestjoerlike fisy op de takomst fan de gemeente fêststeld. Dy nije oanpasse fersy hat de titel "Romte en ferskaat 2013" en hâldt rekken mei de lêste bestjoerlike ûntwikkelingen en opjeften.

Foar wa is dy fisy bedoeld?

De takomstfisy jout it langetermynperspektyf fan de gemeente oan dat winsklik is. It is de bedoeling dat de fisy bûnich is en sterk genôch om de kommende jierren as kader funksjonearje te kinnen te midden fan alle plannen, projekten en it alledeiske wurk fan mienskip en gemeente. De fisy is yn it foarste plak bedoeld foar de gemeenteried sels. De ried sil de bestjoerlike fisy brûke by diskusjes oer takomstige ûntwikkelingen fan gemeentlike taken en opjeften. De fisy bestrykt de perioade oant 2025. De fisy is yn it twadde plak bedoeld foar dyjinge dy't plannen meitsje moatte. Hja kinne it beheljen fan de mooglikheid fan harren plannen toetse oan dy fisy en dêr ynspiraasje út helje.

Hoe is dy fisy opboud?

De fisy op de ûntwikkeling fan ús gemeente is yn wezen net folle feroare yn de perioade 2008 - 2013. De spearpunten fan it belied en de sterke punten fan ús gemeente binne gelyk bleaun. Wol binne de maatskiplike ûntwikkelingen yn neamde perioade ferwurke yn de aktualisearre fisy. Dy ûntwikkelingen en bystelde prognoazes binne ferwurde yn haadstik 2. By de tarieding fan it aktualisearjen fan de fisy is mei klam oan de oarder kommen dat de krêft fan ús gemeente as in reade tried troch de bestjoerlike fisy rinne moat. Dit hat laad ta de dêrop folgjende haadstikken 3 en 4, respektivelik mei as titel 'de krêft fan de leefomjouwing' en 'de krêft fan de mienskip'.

Mei it fêststellen fan de fisy wurdt allinne de bestimming fan ús reis ferkend. De rûte dêr hinne meitsje wy yn it lêste haadstik 5, wêr't de fertaalslach makke wurdt fan de fisy nei de rol fan de gemeente. It fisionêre "wat wolle we berikke?" wurdt fertaald nei it praktyske "hokker rol past dêrby foar gemeente?". Dy opbou is in wiziging sjoen de fisy fan 2008, mar wykt ynhâldlik net of amper ôf.

*De toekomstvisie geeft
het gewenste langetermijnperspectief
van de gemeente aan*


2. Ontwikkelingen en prognozes

Foar it aktualisearjen, healwei it jier 2013 binne de folgjende ûntwikkelingen en prognozes fan belang west.

Demografyske ûntwikkelingen

De ûntgriening en benammen de fergrizing sette stevich troch. Op 1 jannewaris 2012 wennen der 29.953 minsken yn de gemeente Opsterlân, wêrfan 19% jonger as 15 jier en 16% 65 jier as âlder. De beropsbefolking sit op 65%. De ferwachting is dat de totale befolking fan Opsterlân oant 2030 licht tanimt oant hast 31.000 minsken. De demografyske opbou feroaret lykwols sterk. It oantal jongeren oant 15 jier nimt ôf mei likernôch 500 en it oandiel 65-plussers stiiht met hast 3200. De beropsbefolking (minsken yn de leeftyd 15 oant 65 jier) nimt ôf mei 1650. Sjoch de hjirmei folgjende grafyk.

Grafiek Prognose Fryslân 2013, Trendprognose Befolking en Húshâldens, provinsje Fryslân, maart 2013



Troch it licht stiigjen fan de befolking en troch de gesinnen dy't lytser wurde nimt it oantal húshâldingen ta fan 12.232 yn 2012 nei rom 13.200 yn 2030. Dit is hast hielendal it gefolch fan de stiging fan it oantal húshâldingen fan 65-plussers. De feroarjende befolking hat in grutte ynfloed op de fraach nei foarsjenningen op it gebiet sa as wenjen, soarch, ûnderwiis en sport.

Ekonomyske ûntwikkelingen

Der binne sa'n 2.500 bedriuwen en sa'n 12.000 fulltime en part-time banen yn Opsterlân registrearre.

De wurkgelegenheid is ferskillend mar de lânbou, hannel, bou en soarch binne de wichtichste sektoaren. In grut part fan de wurkgelegenheid yn hannel, reparasje en transport is relateard oan de lânbou. De soarchsektor hat net folle bedriuwefestigingen mar is goed foar hast in tredde fan de wurkgelegenheid omdat it om grutte ynstellingen giet. De soarchsektor en it ûnderwiis binne stadichoan groeiend yn de ôfrûne jierren, wylst lânbou en yndustry gâns krompen binne. It oantal banen yn de bou sil fierder ôfnimme. De wurkgelegenheid yn de finansjele sektor rint ek werom, wat te ferklearjen falt troch it ferdwinen fan ferskate lytsere bankkantoaren út de doarpen. Yn de saaklike tsjinstferliening binne der in soad 'zjp'ers' aktyf.

Wat opfalt is it tanimmen fan it oantal bedriuwefestigingen tsjinoer in ôfname fan de totale wurkgelegenheid. Dit komt troch in tanimmend oantal 'zjp'ers' en bedriuwen dy't hieltyd minder persoanen yn tsjinst hawwe. Dy trend sil fierder trochsette. It oantal fakatueres is de ôfrûne jierren sterk ôfnommen en ek de wurkleazens rint op yn oerienstimming mei de lanlike trend. Fierders hat ús gemeente wol in relatyf leech oantal minsken yn de bystân. Troch it brede oanbod fan wurk is de lokale ekonomy minder kwetsber as by in iensidige gearstalling.



Beurs mei Opsterlânske ûndernimmers



Nijbou De Tynje

Wenûntwikkelingen

Der wurdt hieltyd minder nij boud en de huzeferkeap rint net mear sa as foarhinne. Der is wol fraach mar dat is op lytse skaal en tige ôfhinklik fan lokaasje en it momint. De wenning-korporaasjes meitsje ek amper plannen om nij te bouwen en stelle werstrukturearringsplannen út. Der is in soad oanbod fan partikuliere wenningen. Trochdat gesinnen lytser wurde en de geringe taname fan de befolking is der in lichte stiging fan it oantal húshâldens. Dêrtroch is der de kommende jierren noch wol fraach nei wenningboulokaasjes mar is it noch net bekend wêr en wannear. De fraach wurdt beynfloede troch ekonomyske faktoaren, sa as it besteechber ynkommen en de hypoteekmerk.

Sosjale ûntwikkelingen (desintralisaasjes)

Troch de stiging fan de kosten fan de soarch foar langere tiid nimt it kabinet maatregels dy't gefolgen hawwe foar ús en foar ús ynwenners. De Ryksoerheid draacht taken op het gebied fan de jeugdsoarch, partisipaasje en de Algemene wet bysûndere syktekosten oer oan gemeenten. Hja dogge dit omdat de gemeentlike oerheid tichter by de boarger stiet en dêrtroch better wit hokker foarm fan stipe nedich is.

Troch it feroarjen yn it oanbod fan de soarch foar de langere termyn sille minsken langer selsstandich wenjen bliuwe en minder profesjonele stipe krije. Minsken dy't help nedich hawwe sille (noch) faker as foarhinne in berop dwaan moatte op it eigen netwurk (mantelsoarch) of helpen wurde troch in frijwilliger. Hoe fansels it ek klinkt, de eigen krêft fan boargers wurdt wer belangryk. Dêr wêr de fersoargingssteat in oantal desennia fan 'e widze oan it grêf oan minsken soarch en stipe levere, krije wy de kommende jierren te meitsjen mei in oerheid dy't har werom lûkt. De ferantwurdlikens foar de gemeente is de kommende jierren rjochte op dy groep ynwenners, dy't help (écht) nedich hat om selsstannich te wenjen en mei te dwaan oan de maatskippij en op gjin inkelde wize weromfalle kin op de eigen krêft of it eigen netwurk.



De Gordykster merke

*Hoe fansels it ek klinkt,
de eigen krêft fan boargers wurdt
wer belangryk.*

Gemeenten meitsje in ûntwikkeling troch fan alles safolle mooglik sels dwaan nei it derfoar soargjen dat oaren de foarstap nei inisjativen nimme kinne.

De feroarjende rol by de (gemeentlike) oerheid

Sa as wy dat al sterk sjogge by de soarch sil ek op oare beliedsterreinen de ferhâlding tusken maatskippij, oerheid en polityk feroarje. Gemeenten meitsje in ûntwikkeling troch fan alles safolle mooglik sels dwaan nei it derfoar soargjen dat oaren de foarstap nei inisjativen nimme kinne. Dy ûntwikkeling wurdt troch de ryksoerheid stimulearre en min of te mear ek ôftwongen troch it oerheveljen fan taken, wêrby tagelyk besunigingen trochfierd wurde. De rol fan maatskiplike partners dy't it gemeentlike belied útfiere wurdt ek minder prominint. In foarbyld is de rol fan de wenningboukorporaasjes. Dêrnjonken stelle boargers harren oars op. Hja meitsje har eigen kar yn wikseljende netwurken en freegje de oerheid dêr op in fleksibele wize mei om te gean. Mei help fan de ynformaasjetechnology en de sosjale media ûntstiet in netwurkjende maatskippij, wêryn de oerheid in plak fine moat.

It útgongspunt fan de oerheid moat wêze dat it ferlet yn it foarste plak groeit yn de maatskippij. Dêrnei kin dy maatskippij de oerheid om stipe freegje. Dêrby moat dúdlik wêze hokker rol de oerheid moat of winsket te spyljen: loslitte, fasilitearje, stimulearje regisrearje of regulearje¹. Foar de oerheid bestiet der net ien ideale of beste rol. Polityk en bestjoer sille foar alle sitewaasjes en ûnderwerpen bepale en taljochtsje moatte hokker rol sy foar de oerheid weilein sjogge. De feroarjende ferhâldingen betsjutte wol dat der romte jûn wurde moat oan de fitaliteit fan de maatskippij. Dy kriget mear kâns as de oerheid sa min mooglik regelet en regisrearret.

¹ Dy saneamde oerheidspartipaasjetrep is ûntliend oan it Rapport "Loslaten, naar een nieuwe verhouding tussen overheid, markt en samenleving" fan de Ried foar it iepenbier bestjoer (desimber 2012).



Nije ûntfangstromte It Damshûs Nij Beets

Bestjoerlike ûntwikkelingen

De gemeente Opsterlân hat har yn 2008 mei klam as in robúste en selsstannige gemeente kenmerke, dy't troch gearwurking mei oare gemeenten prima yn steat is om har taken nei behearren te ferfoljen en rom foldwaande bestjoerskrêft ûntwikkelje kin om takomstige opjeften oan te kinnen. Skaalgrutte wie gjin punt fan diskusje. Gearwurkje wie it devys. Dêrby waard de súdgrins fan de gemeente as oriïntaasjepunt neamd. Gearwurking mei de gemeenten Eaststellingwerf en Weststellingwerf waard in logyske kar neamd. Beide gemeenten binne - lyk as Opsterlân - plattelânsgemeenten mei meardere wenkearnen en in fergelykber bestjoerlike problematyk.

Yn 2011 hat de gemeenteried dy kar befêstige troch te besluten om de gearwurking mei dy gemeenten te yntinsivearjen. Dêrnei kin fanút in gearwurkjend sterk plattelân de ferbining mei de omlizzende steedlike gebieten fierder ynhâld jûn wurde. It yntinsivearjen fan de saneamde OWO-gearwurking uteret har yn it bondeljen fan útfierende organisaasje-ûnderdielen, it beliedsmjittich gearwurkjen, it mei-inoar oplûken yn regionale ferbannen en it ynfoljen fan in mienskiplike bestjoer- en organisaasjekultuer.



Beekdelte Alddijp

3. De krêft fan de leefomjouwing

Opsterlân is in prachtige gemeente om te wenjen. De kwaliteit fan de omjouwing en alle foarsjenningen dy't te berikken binne drage dêr tige oan by. It bysûndere karakter fan Opsterlân wurdt foarme troch de rykdom oan lânskippen. Wy sjogge op ús grûngebiet in kombinaasje fan fjouwer lânskippen op twa grûnsoarten (sângebiet en feanich gebiet): kûlisselânskip, beekdal-lânskip, feanpolderlânskip en feanûntginningslânskip. Dy konsintraasje fan stilen fan lânskip is unyk. It yn stân hâlden dêrfan freget in soad oandacht. Tagelyk biedt de struktuer fan ús grûngebiet in protte kânsen en mooglikheden op it gebiet fan wenjen, rekreäaren en lytsskalige bedriuwichheid.

Wenjen

De ôfrûne jierren litte ús in evenredige groei sjen fan ynwenners, wenningen en bedriuwichheid. Dy groei flakt ôf. De fraach nei wenningboulokaasjes en ek bedriuweterreinen is gering en tige ôfhinklik fan de lokaasje en de fraach. Dit freget om in oare oanpak dan dat de gemeente foarhinne wend wie. Net mear yn 't foar programmearje mar ynspylje op de aktualiteit en de spesifike omstannichheden fan de merk is nedich. Benammen it oantal 65-plus húshâldens nimt ta en by dy doelgroep leit dan ek de belangrykste opjefte foar nijbou en werstrukturearring.

Kwaliteit giet foar kwantiteit en ynbreiding giet foar útwreiding. Us hege omjouwingskwaliteit is sawol de basis foar wenjen as foar wurkjen en rekreäarjen. Neist it wengenot yn brede sin binne duorsumheid en beperking fan gebrûk fan enerzjy en grûnstoffen essinsjele opjeften foar de mienskip. As gemeente wolle wy dêr oan bydrage, ek troch it goede foarbyld te jaan. In part fan de besteande wenningfoarried sil oanpasse wurde moatte om duorsumer te wurden, sawol yn technyske as yn kwalitative sin. De ambysje is om wenningen safolle mooglik 'levensloopbestendig' en klimaatneutraal te meitsjen. Dit freget ek om partikuliere inisjativen.

Wurkjen

Wy wolle de lokale en regionale wurkgelegensheid stimulearje. Wurkgelegensheid draacht bij oan de leefberens en fitaliteit fan de gemeente. De ekonomyske ûntwikkelingen hawwe in soad ynfloed op de romtlike en sosjale kenmerken fan de gemeente. Wy wolle alle beliedsterreinen goed op elkoar ôfstimme en dêrby rekken hâlde mei de ekonomyske ûntwikkelingen. Omdat de gemeente net op alle ekonomyske faktoaren ynfloed hat, rjochtsje wy ús op dy saken dêr't wy yndie ynfloed op útoefenje kinne.

Wy wolle de gearwurking mei it bedriuwslibben fierder befoarderje. We bestride dêr ta de burokrasy en befoarderje de kwaliteit fan de tsjinstferliening. Dêrta is fan grut belang dat it belied oanfoljend en fersterkjend is op regionaal, provinsjaal en lanlik belied. Dit betsjut, dat de gemeente oangeande it belied yn de foargeande jierren benammen de klam leit op it fasilitearjen fan de al festige bedriuwen en it yn stân hâlden fan de oanwêzige bedriuweterreinen. De gemeente sjocht net allinne nei binnen, mar we rjochtsje ús blik ek nei bûten op buorgemeenten en de regio. Dit berikke we troch ûnder oaren goed skeakeljen te bliuwen mei de oare spilers op it ekonomyske terrein. Mei-elkoar binne wy sterker!

De kracht fan de ekonomy yn Opsterlân sit yn de lokale bedriuwichheid, beroppen oan hûs en relatyf lytsskalige bedriuwichheid. Foar bedriuwen dy't in soad romte nedich hawwe binne lokaasjes beskikber op De Gordyk en Drachten-Asân. Grutskalige ûntwikkelingen wurde yn gearwurking mei de regio fasilitearre. Bedriuwen moatte safolle mooglik gebrûk meitsje fan besteande bedriuweterreinen om de beheinde frije romte net ûnnedich te belêsten. Wy stimulearje it opnij brûken fan besteande pânren. Yn de sektoaren soarch en tsjinstferliening lizze kânsen foar de jongerein en wurksikers.

Berikberens

Troch de lizzing oan belangrike ferkearsieren (A7 en ferskate provinsjale diken) binne wy in gemeente dy't goed te berikken is wêrtroch de wen- en wurkfunksje goed útwiksele wurde kin mei it omlizzende steedlik gebiet. It gemeentlike wegestelsel is fan grut belang foar de berikberheid en leefberens fan ús gemeente. It aktuele of takomstige gebrûk fan de ferbiningen is foar ús in referinsjekader om te besjen oft bepaalde diken en paden in soad of net folle ûnderholden wurde moatte. Ferbiningen dy't amper brûkt wurde sille wy ôfstjitte moatte.

De fyts- en kuierpaden yn de gemeente binne foar deistich gebrûk mar ek foar rekreaasje en toerisme tige wichtich. Paden dy't in ôfspegeling binne fan de histoarje fan Opsterlân en de âlde oarspronklike struktueren fan it lânskip markearje, moatte wy dêrom koesterje.

Sjoen de leefberens en fitaliteit fan it plattelân is it iepenbier ferfier in belangrike foarsjenning foar ús ynwenners. De fergrizing fan de befolking sil ûnder mear de fraach nei iepenbier ferfier fergrutsje. Wy sykje hieltyd maatwurk om it oanbod betelber te hâlden en oan te sluten op de fraach.



Shared space plein Siegerswâld

Frije tiid

De gemeente Opsterlân hat poerbêste foarsjenningen op it gebiet fan rekreaasje en toerisme. It wikseljende lânskip, de bosken, heidefjilden, sânferstowingen, fyts- en kuierpaden en ruterpaden biede in soad mooglikheden op it gebiet fan de iepenloftrekreaasje. De rekreative mooglikheden fan Opsterlân binne - ek ekonomysk sjoen - noch lang net útputten. Foaral foar de wurkgelegenheid is de toeristyske sektor fan belang. De foarwaarde hjirby is dat de ûntwikkelingen passe moatte by it lytsskalige karakter fan it plattelân en it aard fan de besteande bebouwing en lânskiplike kontoeren. Tegearre mei buorgemeenten en ûndernimmers yn dy sektor wolle wy de ideale foarwaarden kreëarje.

It spearpunt fan rekreative ûntwikkelingen leit by Bakkefean en yn it feanpolderlânskip tichtby De Tynje en Nij Beets. Der hinget in soad ôf fan it iepenstellen fan it Polderhaadkanaal en de ympuls dy't dit jaan kin foar de ekonomyske sektor yn dat gebiet. Nije ûntwikkelingen bij Bakkefean moatte passe yn de natuerfunksje en it histoarysk karakter. Tegearre mei de befolking en pleatslike ûndernimmers wolle wy de toeristyske en rekreative funksjes fan it doarp fierder ûntwikkelje. De winkels en foarsjenningen op De Gordyk foarmje in goede oanfolling op de rekreative mooglikheden yn Opsterlân. Troch de lizzing oan de Turfrûte is der ek foar rekreanten dy't in boat hawwe in soad te sjen en te belibjen. Troch de bosrike omjouwing en it karakteristike sintrum fan Beetstersweach better mei elkoar te ferbinen kin in ympuls jûn wurde oan ferskate foarmen fan deirekreaasje.

De doarpen

De doarpen fan Opsterlân binne ferskillend fan grutte mar se hawwe allegear as kenmerk dat der goede en berikbere foarsjenningen binne en der is in aktyf en ôfwikseljend ferieningslibben. De ferskillende doarpen ferfolje in fersoargjende funksje nei har omjouwing. Eveneminten, grut of lyts, binne libbene foarbylden fan ienichheid en fersterkje de kulturele identiteit. It histoaryske karakter en de byldkwaliteit fan de doarpen fine wy fan grut belang en wurde dêr wêr it nedich is beskerme.

Foar de leefberens yn de doarpen is in goed en takomstbestindich foarsjenningennivo belangryk. Sjoen de demografyske en de ekonomyske ûntwikkelingen is it net mooglik en ek net nedich om alle besteande foarsjenningen yn stân te hâlden. Om de kwaliteit en berikberens fan de foarsjenningen waarboarge te kinnen falt der net oan te ûntkommen dat in fierdere konsintraasje en bondeling fan foarsjenningen plakfynt yn de gruttere doarpen.



Weriepening doarpshûs / mfs De Buorskip De Sweach

Foar de leefberens yn de lytsere doarpen wolle wy ús foaral ynsetten bliuwe op it behâlden fan de kwaliteit fan de wen- en leefomjouwing en it stimulearjen fan de sosjale gearhing. Dat betsjut net dat yn de lytsere doarpen oare foarsjenningen ferdwine moatte. Der wurdt rekken hâlden mei de spesifike omstannichheden en mooglikheden fan alle doarpen.

De Gordyk is it grutste doarp en ferfolgt in regionale funksje wat winkels, wenjen, soarch en wurk oanbelanget. Yn de rin fan de jierren binne der in soad fernijingen en útwreidingen realisearre, mar der binne ek bedrigings sa as leechstân fan winkelpanden en bedriuweterreinen. Foar de oantreklikens fan De Gordyk as festigingsplak is it fan grut belang dat hjir de goede keuzes makke wurde. De gemeente moat tegearre mei de ûndernimmers en ynwenners ynvestearje yn de kwaliteit fan De Gordyk.

Oerterp is wat grutte oangiet it twadde doarp fan Opsterlân. Wy wolle wurkje oan de kwaliteit fan Oerterp as wenplak. Wy sette yn op in oantreklike omjouwing. Dêrby wolle wy de lânskiplike struktuer en kultuerhistoaryske eleminten as kontrastearjende kwaliteit mei it ferstêdske Drachten markearje.

Beetstersweach is in oantreklik wenplak mei in hiel eigen karakter. Wy wolle de kwaliteiten fan Beetstersweach en omjouwing noch mear benutte. Beetstersweach kin as sintrumplak foar byldzjende keunst in passend programma oan kulturele en rekreative aktiviteiten biede. De soarchsektor, dy't tige wichtich is foar Beetstersweach, wolle wy alle romte jaan.

It bûtegebiet

It bûtegebiet fan Opsterlân is grut, ôfwikseljend en hat sawol ekonomyske as rekreative krêft. De ferskate kearnen lizze ferspraat yn it lânskip en foarmje in natuerlike skeakel tusken lânskip en wengebiet.

Produksje fan de lânbou is wichtich yn it bûtegebiet fan Opsterlân. Der binne in soad ûntwikkelingen yn dy sektor. Sa fynt der noch altyd in skealfergrutting plak. It ôfskaffen fan it molkkwotum sil gefolgen hawwe dy't op dit momint net goed te oersjen binne. Guon agraryske bedriuwen wurde te lyts en reitsje har oarspronklike funksje kwyt. Wy wolle dy bedriuwen helpe by it finen fan in passende nije ynfolling.

Om ferrommeling yn it lânskip tsjin te gean hawwe wy yn it romtlike belied oandacht foar frijkommende agraryske bebouwing, kultuerhistoaryske wearden en funksjeferoaring. It giet dêrby bygelyks om it realisearjen fan mear mooglikheden foar lânskiplike ynpassing troch gebietseigen erfbeplantingen en foar yn it lânskip passende architektuer fan bedriuwsgedebouwen. As dit in feroaring fan grûngebrûk betsjut, is dat mooglik salang it gjin ôfbrek docht oan de kwaliteit fan natuer en lânskip.

Troch de technyske ûntwikkelingen binne in soad foarmen fan wurkjen minder bûn oan in kantoar- of bedriuwspân as eartiids. Hjiryn lizze kânsen foar it ûntwikkeljen fan nije wurkgelegenheid, mar dan moat wol de goede digitale ynfrastuktuer oanwêzich wêze sa as breedbân ynternet. Lânbou is net de iennige funksje yn it bûtegebiet. Natuer- en rekreasjegebieten wurde al mar belangriker.

4. De krêft fan de mienskip

Neist de kwaliteit fan de leefomjouwing (en tagonklike en berikbere foarsjenningen) wurdt de leefberens en oantrekkingskrêft fan ús doarpen foar in grut part bepaald troch de oanwêzigens fan sosjaal en minsklik kapitaal. Dit is it fermogen fan minsken om mei it gebrûk meitsjen fan har kennis en feardichheden dielde noarmen en wearde, mienskipsaktiviteiten, sosjale stipe en partisipaasje te realisearjen. Suksesfolle doarpen binne yn steat om dit kapitaal oan te boarjen en te brûken. Dy krêft is ek nedich foar de fitaliteit fan doarp en bûtegebiet.

Troch de tanommen mobiliteit en de technologyske ûntwikkelingen op het gebied fan kommunikaasje binne minsken hieltiten minder lokaal bûn. De sosjale gearstalling fan de doarpen en de sosjale netwurken feroarje dêrtroch. It frijwilligerswurk kriget ek in oare ynfolling. We hawwe yn ús gemeente in ryk ferienigingslibben en in soad minsken sette har op frijwillige basis yn foar elkoar en foar it doarp.

De gemeente hechtet oan it wolwêzen fan har boargers en wol dat alle ynwenners op in sa folweardich mooglike wize meidogge yn de maatskippij. It útgongspunt is dat minsken har noflik en akseptearre fiele, selsredsum binne, har eigen ferantwurdlikheid hawwe en de frijheid om sels te kiezen op hokker wize se de aktiviteiten fan it deistich libben foarm jaan wolle.

It frijwilligerswurk

It frijwilligerswurk is de basis wêrop it doarpslibben bestiet. It doarpshûs, de sport, de ynformele soarch en de ferienigingen binne ôfhinklik fan frijwilligers. De ynset fan frijwilligers is in graadmjitter foar it draachflak yn it doarp en in utering fan ferbûnens mei it doarp. De sosjale kontakten dy't boargers hawwe is in ûnmisbere betingst foar in positive sosjale kontrôle en draacht bij oan it belibjen fan feilichheid. De ferienigingen soargje der foar dat de jeugd ynfierd wurdt yn it sosjale libben en yn de kultuer fan de maatskippij. De oerdracht fan noarmen en wearde bart ûnder oare troch de kontakten en aktiviteiten yn de ferienigingen.

Troch de oerheid dy't har werom lûkt wurdt de rol fan frijwilligers yn de takomst allinne mar belangriker. De gemeente stipet dêrom it frijwilligerswurk en stimulearret de sosjale gearhing en leefberens yn grutte en lytse kearnen.

De ynset fan frijwilligers is in graadmjitter foar it draachflak yn it doarp en in utering fan ferbûnens mei it doarp.

De ferienigingen fan pleatslik belang

In belangryk plak yn it ferienigingslibben foarmje de ferienigingen fan pleatslik belang. Hja binne in belangrike gesprekspartner foar it gemeentebestjoer as it oer de doarpsbelangen giet. Foar ûntwikkelingen rjochte op it behâlden en it ferbetterjen fan de leefberens en fitaliteit fan de doarpen binne hja foar de gemeente wichtige ynformaasjeboarnen, minsken dy't meitinke, inisjatyfnimmers en partners.

De pleatslike belangen wolle wy fasilitearje en dêrfoar is it doarpebelied in belangryk ynstrumint. Ien kear yn de fjouwer jier wurdt yn byld brocht hoe't de ynwenners fan elk doarp de leefberens ûnderfine en hokker fragen en winsken hja hawwe. It giet dêrby sawol om de sosjale, fysike en ekonomyske aspekten in de doarpen. It gehiel fan dy ynformaasje - de doarpspegel - jout de pleatslike belangen ynformaasje dy't har helpt by it opstellen fan in doarpsfisy, by it formulearjen fan maatregels en om yn petear te gean mei de gemeente en oare partners oer de winske ûntwikkelingen yn it doarp. Underdiel fan it doarpebelied binne ek it ynstellen fan in doarpsbudzjet en it soargjen foar in dúdlik oansprekpunt by de gemeente foar de pleatslike belangen.

De jeugd fan Opsterland

De takomst fan de gemeente Opsterlân is ôfhinklik fan de talinten fan ús jeugd. Ynvestearje yn de hjoeddeiske generaasje bern is in ynvestearring yn de takomst fan Opsterlân. Belangryk dêrfoar is in iepen, feilige en konstante leeromjouwing wêryn elk bern, fan hokker nivo dan ek, stimulearre wurdt om syn of har yndividuele talinten folslein te ûntwikkeljen. Om dat te beoarderjen soarget de gemeente foar foldwaande kwalitatyf iepenbier ûnderwiis yn de gemeente en wurdt de grûnwetlike frijheid fan rjochting en ynrjochting fan it ûnderwiis respektarre. Belangrike oandachts-punten binne: de wize wêrop it ûnderwiis organisearre wurdt, hoe't de kwaliteit garandearre wurde kin en op hokker wize de hûsfesting regele is. It is belangryk dat yn of fanút elk doarp goed ûnderwiis berikber is.



Mantelsoargdei De Wier Oerterp

In belangryk ûnderwerp is de brede skoalle. Hjirmei wurdt in goede gearwurking bedoeld tusken alle partijen dy't har dwaande hâlde mei opgroeïende bern. It doel is om de ûntwikkelingen fan jeugdigen sûnder al te folle problemen en it leafst sûnder ûnderbrekking ferrinne te litten. It giet dêrby net allinne om de húsfersting fan de gearwurkjende foarsjenningen, mar ek en benammen om de kwaliteit en it ôfstimmen fan dy foarsjenningen. De gearwurking en gearhing tusken alle ferskillende aktiviteiten en tsjinsten dy't de oerheid te bieden hat is betiden lestich te oersjen, lit stean dat dit yn alle opsichten effisjint ferrint. De taak fan de gemeente is om te soargjen foar it ôfstimmen en it gearwurkjen yn de helpbiedende taken en tsjinsten. It Sintrum foar Jeugd en Gesin spilet dêrby in krusiale rol. Yn it sintrum wurkje ferskillende partijen gear om de jongerein fan 0 - 3 jier en har âlders te stypjen om ûntwikkelkânsen optimaal te benutten en mooglike problemen by it grutwurden of it opfieden yn in yntiids stadium oan te pakken.

De Boargemaster Harmsmaskoalle ferfollet as selsstannige foarsjenning foar fuortset ûnderwiis in regionale funksje. De gearwurking mei de basisskoallen is belangryk omdat ús belied rjochte is op in trochrinnende learline. Dêrnjonken fine wy de gearwurking mei it bedriuwslibben en ynstellingen fan grut belang om de bern optimale kânsen te bieden op de arbeidsmerk.

Soarchfoarsjenningen

In diel fan de befolking ûnderfynt problemen op ien of meardere domeinen fan it sosjale libben: wenjen, wurk en deibesteging, ynkommen, ûnderwiis, opfieden en opgroeien, frijetijdsbesteging en sport, sûnens, wolwêzen en sosjale kontakten. Wannear't in persoan of gesin op meardere domeinen problemen ûnderfynt, wurdt ien integraal plan opsteld. Dus gjin aparte trajekten foar alle deskundichheidsgebieten mear. Om doelmjittich te wurkjen moat dit allegear goed organisearre wurde. De gemeente docht in sterk berop op de selsredsumens fan boargers, gesinnen en

de minsken om har hinne (it sosjale netwurk). Sa nedich wurdt tegearre mei belutsenen sjoen hokker stipe fierder nedich is om de belemmeringen dy't hja ûnderfine op te heffen. As dy stipe net yn de eigen direkte omjouwing beskikber is, kin (tydlik) in berop dien wurde op de gemeente. De gemeente kompensearret dy ynwenners yn har beheiningen útgeande fan harren persoanlike omstannichheden en fan in doelmjittige besteging fan mienskipsjilden. Bij dit alles wurdt mei klam ek sjoen nei de posysje fan de mantelsoargers. Doel is harren draachkrêft te ferheegjen en oerbelesting te foarkommen.

Minsken bliuwe langer selsstannich wenjen. Dêrom befoarderet de gemeente beskikbere, berikbere en te beteljen wen-, wolwêzen- en soarchfoarsjenningen. De gemeente soarget derfoar dat boargers hjiroer goed ynformearre binne en besteget oandacht oan by-effekten fan it selsstannich wenjen sa as iensumens. As basis foar de sprieding fan de foarsjenningen kiest de gemeente foar it ynrjochtsjen fan wen-servicegebieten. Om foar te kommen dat it ta in helpfraach komt, ynvestearret de gemeente yn previntive maatregels.

Bij it fuortnimmen fan belemmeringen stiet de eigen ferantwurdlikheid fan de boarger sintraal. Dy bliuwt 'eigner' fan it probleem en is safolle mooglik sels regisseur fan de resultaten, oplossingen en de stipe. Boargers drage net allinne ferantwurdlikheid foar de kwaliteit fan har eigen libben mar ek foar dat fan harren direkte omjouwing. Wy fine it belangryk dat ynwenners nei elkoar omsjogge en bij elkoar sinjalen ôfjouwe as it net goed giet. Minsken dy't help freegje op bepaalde gebieten hawwe ek op oare terreinen wat te bieden oan de maatskippij: de saneamde 'tsjinprestaasje nei fermogen'. As dit foar de maatskippij en de boarger yn kwestje in tafoege wearde hat, wurdt in berop dien op dy tsjinprestaasje.

5. In nije rol en wurkwize foar de gemeente

De yn de hjirfoar beskreaune fisy op de krêft fan de leefomjouwing en de mienskip lit sjen dat de rol fan de gemeente hieltyd wer feroaret. De organisaasje dy't earder stjoerde op it oanbod is al foar in part feroare yn in organisaasje dy't stjoert op de fraach. Mar dy omslach is noch net hielendal klear.

De gemeente moat ynspylje op ferskynsels en feroaringen dy't haer foardogge yn de mienskip. Tal fan ûntwikkelingen liede ta it op 'e nij besjen fan ús rol. De gemeente wurdt hieltyd mear ûnderdiel fan in netwurk fan minsken en organisaasjes. In netwurk dat ferantwurdlikheid nimt en kriget en wêryn alle kennis en krêft benutten wurdt.

Dat betsjut dat de gemeente hieltyd minder alles sels docht. Boargers en organisaasjes krije mear ferantwurdlikheid. Hieltyd mear siket de gemeente yn in betiid stadium de gearwurking mei harren om as partners fraachstikken oan te pakken. En wêr dat kin, lit de gemeente it inisjatyf oan har oer. De gemeente ferbynt, mobilisearret, fasilitearret en stimulearret mar wit ek wannear sy loslitte kin. Dêrta moat de gemeente in omslach meitsje fan it tradisjonele oerheidstinken fan wantrouwen en regeljouwing nei fertrouwen en deregulearjen. We meitsje minder beleid en we sjogge kritysk of it opstellen fan regels wol echt nedich is om sa mear ynfolling te jaan oan in "doe-demokrasj". Minder tichtimmere plannen en mear romte foar de ideeën en de krêft fan partners. Sa kinne wy better ynspylje op aktuele ûntwikkelingen en kânsen. Foar bestjoer en organisaasje betsjut dit in nije balâns tusken grip en loslitte.

As der belangrike beliedsbeslissingen nommen wurde moatte kiest de gemeenteried in pro-aktive rol. Bij de start fan in beliedsproses is de belutsenheid tusken folksfertsjintwurdigers en it folk it meast efektyf. Passend bij dy rol moat ek bestjoerlike daadkracht en lef toand wurde. Dit is nedich om winske effekten te beneamen, dêrop stjoere te kinnen en dêroer ferantwurdig ôf te lizzen nei de ynwenners fan ús gemeente.

Troch de feroarjende rol moat ek de organisaasje feroarje. De gemeente moat better antisipearje op de hieltyd wizigjende omjeften en omstannichheden en moat har dêroan snel, yntelligint en fleksibel oanpasse. Dêrby past in organisaasje dy't responsyf, sensityf, fitaal en fearkrêftich is en dúdlik kommunisearret oer har rol. We moatte in slachfeardige gemeente wêze dy't docht wat echt nedich is foar de doarpen en de ynwenners. Dus: mear maatwurk, bettere tsjinstferliening, sterker rjochte op de omjouwing en op gearwurking. De boargers moatte der better fan wurde. De feroaring freget it uterste fan kennis, deskundigens, flexibiliteit en loyaliteit fan de organisaasje.

De gemeente wurdt hieltyd mear ûnderdiel fan in netwurk fan minsken en organisaasjes.



Jeugdried yn riedsseat



Iepening dorpsstipepunt Fryske Peallen

Fan meiwurkers wurdt ferwachte dat hja tsjinstferliend binne nei de boarger ta. Hja moatte maatwurk leverje kinne rjochte op de fragen. Meiwurkers moatte har ynlibje kinne, meitinkend wêze, kreatyf probleemoplossend en in ferbinend fermogen hawwe en tagelyk rjochte wêze op it resultaat. Dat stelt easken oan harren kompetinsjes, mar ek oan de romte en it fertrouwen dy't hja krije fan bestjoer en management. We ynvestearje dan ek yn oplieding, kompetinsjes, hâlding en gedrach fan meiwurkers en management. Sintrale kearnkwaliteiten binne: profesjoneel, betrouber, gedreven, ynspirearjend en iepen foar ideeën en opfettingen fan oaren.

*Sintrale kearnkwaliteiten binne:
profesjoneel, betrouber, gedreven,
ynspirearjend en iepen foar ideeën en
opfettingen fan oaren.*

Wat de yntergemeentlike gearwurking oanbelanget set de gemeente de ynsjetten koers met krêft troch. Dat betsjut yntinsive gearwurking mei ús preferinte partners Eaststellingwerf en Weststellingwerf. Fanút dit krêftige plattelânskollektyf jouwe wy de ferbining mei de omlizzende stedlike gebieten fierder ynhâld. Regionale gearwurking is in mienskiplik belang foar de gemeenten yn Súdeast Fryslân. It helpt alle gemeenten fierder om al dy oerheidsopjeften oan te kinnen. Dêrby doele wy benammen op it troch desintralisaasjes hieltyd mear groeiende gemeentlike takenpakket. Dêr wêr dit nedich is wurkje wy gear op in grutter of spesifiker skaalnivo, bygelyks yn provinsjaal- of P10-ferbân. Wy kieze foar in skaalnivo dat it beste by in bepaalde opjefte past.

De feroarjende rol fan de gemeente en de dêrby hearende wurkwizen freegje hieltyd om in besinning op de needsaaklike of winske rol fan de gemeente: loslitte, fasilitearje, stimulearje, regisrearje of regulearje. De argumintaasje dy't ta dy kar liedt, moat dan ek in boarge ûnderwerp fan kommunikaasje wêze. Dat is de gemeente oan har mienskip ferplichte.

Kolofon

Utjeft Gemeente Opsterlân
Postbus 10.000
9244 ZP Beetstersweach

T (0512) 386 222
E gemeente@opsterland.nl
I www.opsterland.nl

Foto's Gemeente Opsterlân, Sietse de Boer
Oplage 500 eksimplaren
July 2013